

Tiny Mulder woe wol 100 jier wurde



Tekst Elisabeth Post

Hjoed is de bertedei fan Tiny Mulder. De fersetsfrou, sjoernalist en skriuwster soe 100 jier wurden wêze. De kommende wiken jout Tresoar firtueel omtinken oan har en har wurk. „As ús mem noch libbe, soe se dêr fan genietsje“, tinkt dochter Rixt Zuidema.

A

Ive jier ferlyn ferstoar Tiny Mulder (1921-2010). Eltsenien koe har as fersetsstriider, sjoernalist en skriuwer. Har dochter Rixt Zuidema út Zutphen en soan Teake Zuidema út it Amearikaanske Savannah tinke foaral oan har as in leave, hardwurkjende mem dy't altyd belutsen wie en foar harren, en letter de bernsbarn, klearstie.

Tiny Mulder wie har tiid fier foarút. Wylst oare froulju ophâlden mei wurkjen at sy bern krigen, bleau Mulder wurkjen. „Tiny wie yn myn bernetiid en jeugd foar my in mem dy't drok wie mei har wurk. Ik kin har úttekenje efter de typmasine en mei har noas yn boeken, kranten en tiidskriften“, seit Rixt.

Leeuwarder Courant.

Doe't se bern krige, wurke se as sjoernalist by it . Har man Jildert Sudema (1923-1998) dêr't se mei troude op 30 juny 1949 die itselde wurk, mar by de Hy wie dêr de lânbousjoernalist.

JONG EN LOKKICH

Yn

de húskeamer fan harren lytse houten húske (fan 5 by 5 meter) yn Lekkum dêr't sy doe wennen, stiene de typmasines. Dêr waard praat oer wat der barde yn Fryslân, mar ek hoe't it er om en ta gie yn 'e wrâld. „As ik dream, dan dream ik dêrfan. Wy wurken hurd, it wie skraabjen om 'e kant, mar je wiene jong en je wiene lokkich”, sei Tiny Mulder letter ris yn in ynterview.

At it nijs op 'e radio kaam, wie it neffens Teake altyd 'bekken ticht!', want oars koene syn heit en mem de berjochten net goed hearre. „Ik foel eltse jûn yn sliep wylst ûnder de typmasines rattelen en ús heit de iene nei de oare sigaret smookte.”

STABILE FAKTOR

M

em Tiny wie de driuwende krêft yn it gesin. „As se mei har wurk klear wie, hie se alle oandacht foar Teake en my. Tiny wie – sa sjoch ik it no – de stabile faktor yn ús gesin.” Neffens Rixt hie har heit sa syn buien, wie er net altyd wis fan himsels. Mar ek hy wie syn tiid fier foarút, stipt Rixt oan. „Hy wie wol de iennichste man dy't yn 1951 mei in bernewein mei my deryn op 'e Nijstêd yn Ljouwert rûn.”

Mar har mem hâlde de húshâlding draaiende en soarge der ek foar dat alles finansjeel yn oarder wie. Wichtich foar har en Jildert wie dat de bern neat tekoart komme mochten. Rixt: „Se hat wolris tsjin my sein dat se har doetiids miskien wolris te bot dwaande hâlden hat mei it beskrepjen fan ynkommen, sadat wy as bern materieel neat lije soenen. No, wy binne neat tekoart kommen en oan leafde fan ús heit en mem ek net.”

Foar it húshâldlik wurk, hiene Mulder en Sudema help. Griet de Boer bygelyks, dy hat jierren by de famylje wurke. Rixt: „Mei har wie it hiele gesin tige wiis. Se wie folle mear as help yn de húshâlding, se wie tagelyk heit en mem foar ús.” Teake: „Ik wist net better oft dat ik twa memmen hie.”

OANPAKKE EN WER FIERDER

As fro

u fan har generaasje hat syn mem in soad berikt, seit Teake. Mar dochs wie se gjin feminist. Sterker noch, se moast der eins net safolle fan ha. Foar Tiny Mulder wie it normaal dat se wurke. Kleie oer diskriminaasje fan froulju? Dat wie neat foar har. „At it tsjin sit yn je libben en as je fine dat de situaasje feroarje moat, dan moatte je dêr sels wat oan dwaan, fûn se. Oanpakke en wer fierder. Sa tocht ús mem deroer”, seit Teake. „Selsbeklach, dêr wie se net fan. Dat hat ek wol wat mei har grifformearde komôf te krijen”, tinkt er.

Neist sjoernalistyk wurk, skreau Tiny Mulder ek boeken en gedichten. Wat fine Rixt en Teake har moaiste wurk? Foar Teake leit de fraach gefoelich, seit er. Hy werkt syn mem net yn har gedichten. „Ik begryp de poëtyske metafoaren ek net sa goed.”

Neffens Teake hat dat te krijen mei de relaasje tusken in âlder en in bern. Dat it ek in bytsje frjemd is om de djipste gefoelens fan in mem as heit werom te lêzen. Gefoelens dêr't normaal wei noait oer sprutsen waard oan 'e itenstafel. „Wol grappich is dat ik lokkich troud bin mei in frou dy't dichteres is. Har poëzij begryp ik wol.”

Rixt blêdet gauris en mei niget troch de dichtbondels fan mem. „Dan ferwûnderet my altyd noch dat de frou dy't dy fersen skreaun hat deselde is as de frou dy't myn mem wie. Yn har gedichten sit in – bysûndere – kant fan har dy't se my as mem nea sjen litten hat, ek net doe't ik al âlder wie en wy in mear lykwaardige relaasje krigen.”

HÛNDERT WURDE WOLLEN

Tiny M

ulder ferstoar yn novimber 2010. Oan 'e ein ta wie se belutsen by de wrâld om har hinne. Neffens Teake wie se in hiele leuke en leave beppe foar syn twa bern. In pear kear yn it jier kamen Teake en syn gesin nei Hollân. Se sliepten dan yn Jellum – dêr't se letter hinne ferhuze wie. „En doe't ik yn 1999 kanker krige, kaam se allinnich yn it fleantúch nei Amearika. Se gie in moanne lang alle dagen mei my nei it sikehûs dêr't ik bestriele waard. Se hat ús doe geweldich stipe.”

Rixt: „As ik no oan ús mem tink sjoch ik har sitten yn har wenkeamer yn Jellum oan de grutte tafel mei útsjoch op de tún, in steapel boeken en kranten njonken har. De lêste jierren wienen foar har net maklik. Se miste ús heit. Se hie boarst-kanker en hat derfoar keazen dêr neat oan dwaan te litten. Ek hie se problemen mei har eagen. Doe't se stoar wie har lichem oan 'e ein, mar har geast noch lang net. Se hie wol hûndert wurde wollen.”

De bern binne grutbrocht mei it besef dat feiten hillich binne. Ek net sa frjemd, want Jildert en Tiny wiene sjoernalisten yn hert en nieren. Teake: „Mem wie ek sosjaal belutsen. Se hat jierrenlang op 'e skoallen bern ferteld oer wat der no eins barde yn de Twadde Wrâldoarloch en oer it gefaar fan fassisme en rasis-me.”

Se skreau ek út namme fan Amnesty brieven. „Mannich diktator hat se oans-kreaun mei de opdracht de minskerjochten te respektarjen.”

It spyt him al dat syn heit net meimakke hat dat er tsien jier lang út Amearika wei in kolum skreaun hat foar de *Ljouwerter* – Teake is sjoernalist en fotograaf. „Ik fûn it fantastysk om te skriuwen foar de krante fan heit. Spitigernôch wie er doe al ferstoarn.”

En foar Rixt jildt noch hieltyd: „Net samar wat oannimme, mar ûndersyk dwaan nei de feiten foardat jo jo oardiel klear hawwe. Hawar, úteinlik bin ik rjochter wurden.”
